

Parseberjocht

Datum: 10 Septimber 2014

Fan: Utjouwerij Palisse, Wijk aan Zee

By útgjouwerij Palisse (Wijk aan Zee) is in nije roman útkaam: 'It testamint fan Mr.Dr. K.' fan Steven H.P. de Jong (ISBN: 978-90-821237-2-2, 194 siden). It is de 15e publikaasje yn boekfoarm fan dizze skriuwer, dy't berne is yn 1935. Steven de Jong is bekend yn it fermidden fan Fryske literêre skriuwers en hat yn 1992 de Gysbert Japicx priis krigen foar syn roman 'De Wuttelhaven del'.

Steven hat ris opmurken, dat hy allinne skriuwt as er it net litte kin en allinne as er wat skriuwe kin dat foar himsels nij is. In nije bewustwurding dus. Krëaasje is foar him de bewustwurding fan wat nijs. Dêrom skriuwt er troch, ek al rint er tsjin 'e 80. 'Men kin soks net litte', seit er.

Hy hat in skoftsje lyn by in ferhúzing in ferhúsdooze mei âlde manuskripten omkeard en dêryn hielwat fûn dat de muoite wurdich wie, m.o.w. skande om wei te dwaan. Der sit genôch wurk by dat nij en nijsgjirrich is. Dat lêste is in kritearium foar him om te publisearjen. Literatuer is net yn it foarste plak wittenskip, mar de toan, it gefoel, it belibjen.

Wêr't it boek oer giet? Oer alle tematyk fan it bestean: libben en dea, âlderdom, godstsjinst, polityk, ûnderwiis, dommens, earnst/humor ensfh. Dat alles konkretisearre yn sa dúdlik mooglik taalgebrûk. It risseltaat is in roman; 'In atonale roman' yn eigen wurden fan de skriuwer.

Utgjouwerij Palisse is dit jier oprjochte troch de soan fan de skriuwer, Tako P. R. de Jong. Palisse hat mei dizze útjefte alwer de tredde produksje realisearre en mei dizze roman foar it earst in oarspronklik Frysktalich literêr wurk útbrocht.

Palisse makket boeken yn lytse oplagen foar minsken wa't in oangiet. Dat hoege net top-tsien bestsellers te wêzen. Just hat Palisse each foar de lytse mienskip, of each foar in tige spesjalisearre ûnderwerp. Literêr, oer in beskate streek of doarp, of sa spesjaal dat gjinien oare útgjouwer him der oan weaget.

Mear en mear ferkeap fan boeken fynt hjoed-te-dei plak oer it ynternet ynstee fan yn 'e boekannel. Neist guon bekende spesjalisearre ferkeappunten fan Frysktalige boeken, lykas guon pleatslike boekhannels, Afûk en Tsjil, kinne alle boeken fan Palisse ek oer in feilige eigen websjop rjochtstreeks kocht wurde (www.palisse.nl).

Mei dizze direkte webferkeap wurde in protte kosten fan tuskenhannel foarkaam en is de priis mei 12,50 euro foar in orizjinele Fryske literêre roman dan ek leger as gebrûklik foar sa'n útjefte. Mei in tûk foarriebehear, in driuw fan ydealisme en in moderne en feilige websjop makket Palisse dat mooglik.
